

Marsumer fan it jier 2012

Achte oanwêzigen, bêste minsken,

It is wer safier. Nei dit tapaslike lied fan Piter binne wy takaam oan de Marsumer fan it jier 2012!

In bettere ôfsluting fan dizze jûn en fan dit jier kinne wy ús net yntinke.

Elts jier binne der wer ynweners dy't harren op ien of oare wize ynset hawwe foar ús doarp. Dy't in hiele soad frije tiid ynlevere hawwe foar ús doarpsmienskip of foar it omtinken oan elkoar.

Want wat hawwe wy noch steeds in geweldich sosjale kultuer in Marsum. Der stjitst net altiden by stil, mar ik realisearje me dat sels wer goed op 13 oktober. Die dei war ús neie sosjale doarpslein iepene. Nei jierrenlang foarberiedings fan in groep Marsumers en gemeente. Alle fereinings die koene wiene der. Ferskate âld Marsumers kamen del. It wie as de sfear van Simmer 2000. In âld Marsumer sei tsjin my: "No ik hjir wer bin, freegje ik my of werom ik doe einliks verhuze bin". In oare besiker, die neat mei Marsum te krijen hat, belle my in pear dagen letter op. Hy sei noch steats ûnder de yndruk te wezen fan die dei. Net troch al die minsken, mar mear troch it waarme sosjale gefoel. Troch de ferbyntenis die hy as bûtensteander fiede. "Wees daar trots en zuinig op, want jullie realisieren je waarschijnlijk niet eens hoe waardevol dat wel niet is", krieg ik nog moai as boadskip.

Jûn wurdt foar de 20^e kear de Marsumer fan it jier bekend makke.

Ek dit jier wine der wer meardere kandidaten. Wy hawwe it bysûnder op priis steld dat wy wer suggestjes út it doarp krigen hawwe. Bliuw dêr mei trochgean. It helpt ús mei it meitsjen fan de juste kar, mar it jout ek oan dat de ûnderskieding fan de Marsumer fan it jier libbet yn ús doarp.

De ûnderskieding bestiet út in fergulde biezem, ôflied fan de bynamme fan ús doarp, mar foaral no it symboal fan dyjinge dy't ek it paadsje foar in oar, of foar de mienskip skjin fage hat.

Yn 1993 waard Maaïke Smits de earste Marsumer fan it jier. Dernei folgden: Margriet Boersma, Sietze van Wieren, Bertus en Tine Steenaart, Jan en Klaaske Venema, Marie Hellinga, Gerrit Julianus, Tjeerd Dijkstra, Hans Nauta, Ali Castelein, Gosse Muller, Mels Bresser, Jan Posseth, Folkert Beimers, Geert Verf Geertje Keegstra, Jancko Hiemstra, Jetske Herrema en ferline jier gie de ûnderskieding nei Henk Vellinga.

De nammen steane hjir op de houten boerden. It earste boerd is fol. It twadde sil ek fol komme. De nammen wurde der ynbeitele. Jan Venema wol dat lokkich wer dwaan. Dêrnei hingje de boerden it hiele jier troch yn ús skitterjend ferboude doarpshûs.

It ôfrûne jier hawwe wy goed neitocht oer wa't dizze kear de ûnderskieding fertsjinnet. Ferskate Marsumers binne de revu passeerd. Mar der is ien dy't der út sprong. En wa't dat is, dat hearre jim no.

Ik wol no jim absolute oandacht freegje foar Jakoba Helbig.

Proklamaasje troch Jakoba

Hjoed 31 desimber 2012 wurdt ûnder de Âldjiersoertinking

De fergulde strontbiezem as ûnderskieding foar

MARSUMER FAN 'T JIER

Útrikt oan...

Dizze ûnderskieding falt him den diel troch syn bysûndere fertsjinsten

foar Marsum yn 't algemien en har ynwenners yn 't bysûnder.

De kommisje Âldjiersoertinking

Ja Arend, foardat wy dy de fergulde biezem oerhandigje, earst it ferhaal werom ast do disse kear oan de beurt bist. Do bist bysûnder warber foar ús doarp. Der binne mar hyl winigen die witte watst do dochst. En miskien wol net ien. Want do praats net faak oer die dingen. Wy sille derom ek net folledich wêze kinne, mar hawar.

Do bist tegearre mei Nel en dyn bern, Oege, Femia, Mieke en Jacco in 1976 in Marsum te wenjen kaam. De wize wêrop wie al sprekking. Do holpst in de weekenden Johannes en Alie Veltman die doe in é Binnenbuorren wenne, mei hun ferbouwing fan hún wenning in Marsum. Nel koe net aardsje in Ferwerd en doe de âlde Spar winkel leech kaam, wienen jim de nije keapers.

Al snel kamen meardere Marsumers derachter datst do ferrekte handich bist. Sûnder ea der sels in cent better fan te wurden hast jirrenlang hiel wat minsken mei ferbouwings holpen.

Om en nabij 1990 (it argyf joech net it presize jier) waarst frijwilligers bij de molenstifting fan Menameradiel. Do diest de oplieding foar frijwillich moener. Der bist in 1992 foar slagge en dernei waardst frijwillich molebaas op de Rentmeester bij Menaam. Mar dernjonken holpst mei by in oantal restauraties. As earste de Marsumer moene (sa hjert it ek). In pear jier letter holpest mei it fernijen fan de kap en it wiekenkruis. Ek hast in hile soort teid stutsen in de bou fan de wurkpleats Kornelis. En in dy neie wurkpleats hast de restauratie dien fan it boppewurk fan de Deinum Wynmotor. En ek by oare moene's holpest mei de restauraasje. Net allinnich in de útfiering, mar ek tochtst mei.

En njonken de restauraties wiest der ek foar underhald. En dat is der in hile soart bij 8 moenes'.. It oantal uren diest der ynstutsen hast, der soenen we fest fan skrikken.

Mar noch wie it net genôch. In 2003 waardst leermeester. Nammes it landelijk Gilde van Vrijwillig Molenaars leardest learling mouners/molenaars it fak. Dat betsjuttet datst hast elke sneontemoarn mei 2 oant 3 learlingen dwaande bist.

En dy sille ik fak fest goed fan dy leare. Want do kist der inspirerend oer prate. Dat die my lesten ek wer bliken. Do meldest bij Doarpsbelang in klacht oer jongeren die in fikje stookten bij de mounne. Margaret de Jong hat opspoart wa dat wienen en se binne dernei bij dij op besite west. En do diest it presiis sa at it moetst. Gjin preak werom fikje stoken net kin, mar se fertelle oer de mounne. En hoe sunich we der op wêze moatte. Die twa jongeren hawwe net wer fikje stookt en sille dat ek net mear dwaan.

De Molenstifting hat oan dy en kanjer fan en frijwilliger, al mear as 20 jier. Mar hoefolle waarderring we der ek foar hawwe, it is net genôch om Marsumer fan it jier te wurden. Mar do bist op mear fronten aktyf. Nei dyn pensioenering bist sels noch aktiver wurden. Sunt 2008 sits in de klussengroep fan it doarpshûs. Der wiest al ierder aktyf west, nl by de bou fan de kelder en it fernijen fan de parketflie.

Gerrit Julianus seit it sa:

Arend is in man dy't oeral ferstân fan hat en alles meitsje kin.

As je him wat freegje hat hij it wolris by't ein han of hij wit wol hoe it moat.

Hij kin dan ek sa op de fyts stappe en gean nei hûs om wat op te heljen wat hij der bij brûke kin.

As je it oars ha wolle moatte je dat mei in omwei bringe (sa fan: wat seist der fan, soe it ek sa kinne?).

Oan de bar mei in slokje moatte je ek geduld ha, want Arend syn ferhalen kinne wiidweidich wêze. Je komme der samar net tusken.

Fierders helpt Arend ek al jierren mei it opbouwen van de teante foar de Marsumer merke. Der bist dôchs al gau in 8 deidelen mei dwaande.

Ek dan is het en kwestje van "Krekt sa en net oars"; dat is Arend.

Faaks hat er ek al dingen makke foardat je it yn de gaten ha. Je steane dan foar in foldien feit.

Wy witte dat der ek minsken binne dy't muoilik mei him wurkje kinne, want hij wit alles better. Mar dat leste klopt dan faaks ek wol De tintecombinatie en it doarpshûs binne tige wiis mei Arend. En at hij op tiid kofje kriget is de neat oan de hân en is it in hurde wurker, sa sei Gerrit it.

Fierders is Arend al jierren aktyf in de mannensoos as foarsitter. Ús tipjouwer beskriuwt him as tige posityf en aktyf. Nimt it heft wol is tefolle in eigen hân, mar der hawwe se eiliks gjin beswier tsjin. Hy kin hiel wat, hat alles in é hân, mar it moat wol op syn eigen wize. Arend is ek wol foarutstrevend. It oantal leden kin wol wat grutter. We hawwe ús fertelle litten dat hij iepen stjit foar froulju derby. Der binne hjir genôch nije kandidaat leden, dus aanst mar efkes opjaan bij Arend om in kear mei te draaien.

Wat ik ek noch fertelle mat foar de minsken dy't minder bekend binne in Marsum. Arend is de heit fan Femia die we krekt seagen op it filmje fan de "Love is in the air" mei de reis nei Mexico. Arend hat ek al in pear kear nei Mexico west in de teid dat Femia en de bernsbarn der wennen. Syn skoanfamlje in Mexico woe kraach in typisch Frysk souvenir hawwe. Se woenen wol klompen ha. Se bedoelden natuerlik fan dy lytse, mar Arend hie it oars in é holle. Hij naam echte mei. Der wie allinnich ien probleemke. Se pasten net mear in de koffer, mar ... sa at jim witte, Arend hat oeral in oplossing foar. En wit jim wat dat wie? Hij die de klompen gewoan oan. In 't fleantúch seagen se wol wat raar, in Mexico net minder.

In Mexico wie der by syn skoansoan Roberto ek oan it klussen, hoe kin it ek oars. Hij sprekt gjin wurd Spaansk, mar at hy in spesjaal skroefke of saiets ha moest, dan kaam hy der ek mei thús. In syn praat is der miskien net altyd dudlik, mar mei syn gedrach en gebaren kommunistearret hij folop. En ast dat in de gaten hest, kist fan alles mei him.

Arend is ek sosjaal ynstelt. Dat die ek bliken in 2008 doe hy siich opjoech foar it WMO platfoarm fan de gemeente. Hij moest op sollisitaasjegesprek en al. Annewiep Blom, de doemalig gemeente-amtner, neamt him tige belutsen, mar ek realistysk. Dromen, idealen van oaren, wist hij altiden wer werom te bringen ta útfierbere doelen. Arend organisearret ek it jierlikse stampotiten mei.

Ek stelst Arend siich op oare fronten op as in belutsen doarpsgenoat. Bygelyks bist in 'e winter op freedtejûn as wedstriidliedder aktyf bij het kaarten in de voetbalkantine. En al jierrenlang besikest trouwe in weduwfrou om efkes bij te praten. It omtinken foar elkoar!

Do bist ek in man dy't alderhande lytse klusjes docht in it doarp. Dyn frou Nel helpe bij it behear fan de konsistoarje, helpe mei de strjittefersiering of meitsjen fan de kar in de buert. Minsken dôge nea fergees in berop op dei. Dyn maatskiplike ferantwurdlikheidsgefoel hat der ek foar soarge datst ek jierrenlang, en miskien noch wol, sits yn it bestjoer van fakbûn FNV.

Arend,

Miskien dochst noch wol mear wat we net witte, mar foar ús allen is it no wol dúdlik dat mei rjocht dyn namme ek op dit board thús hierd.

Dames en hearen, graach noch ien kear in lûd applaus foar de einige echte Marsumer fan it jier 2012.

Lokwinske

Oargelspile: Lang zal die leven